

Grotesk manuskriptbeoardieling

Jiskepûster fan Jacob en Wilhelm Grimm

Ynliedende opmerkingen

Dit mearke fertelt it âlde en jimmer aktuele ferhaal fan hoe't sloovje en húshâlde evoluearret yn lichaamlike en psychologyske mishanneling. It kristlike "ûnderwerp jo oan jo man" leit froulju op om it te ferduorjen oant der rêding fan hegerôf komt. Mar in bytsje froulju krije help en sjogge kâns om lang om let út har ellindige omstannichheid te brekken—hji is dat wol it gefal.

Tema

It tema is dat trochsette en in optimistyske hâlding yn minne omstannichheden úteinlik ta súkses liede. In sterke moraal, freonlikens en tankberens foarmje de oerlibbingsstrategie fan it famke *Jiskepûster*. Dat hja dêrneist in magyske kontrôle oer bisten hat helpt har wol, mar it soe net yn har opkomme om misbrûk fan dat fermogen te meitsjen. It is har goede hert dat ta triomf liedt.

Doelpublyk

De ienfâld fan de ferhaalline en it taalgebrûk makket *Jiskepûster* by útstek geskikt foar de jonge lêzer. Ek befettet it in les dy't troch syn ûndûbelsinnigens ien is sa't jonge bern dy leare út berneboeken, nammentlik dat goed hâlden altyd wint: nice guys finish first. Tagelyk hat dit ferhaal in eksplisyt geweldiedige memmefiguer en is de straf foar *Jiskepûsters* susters bûtenwenstich rau en bluodrich. It is dêrtroch net dúdlik op hokker leeftyd de skriuwers mikke.

Algemeine synopsis

In jier nei de dea fan har mem trout *Jiskepûster* har heit, in rike man, opnij. De styfmem bringt twa dochters mei dy't bedoarn en materialistysk ynsteld binne en har tsjin *Jiskepûster* keare. De nije konstellaasje fan it húshâlden liedt ta ferwaarleazging en mishanneling fan *Jiskepûster*. Dy fielt har bûn oan har lêste tasizzing oan har stjerrende mem om altyd goed en leaf te wêzen, om't der sa altyd help komme soe. Dat bart ûnferwachts ek, as *Jiskepûster* it fermogen blykt te hawwen om downen har winsken ferfolje te litten. Dan komt der in feest fan de kening, dêr't de prins in frou útsykje sil. Har styfmem wol beslist net lije dat *Jiskepûster* de doar út giet. Mar *Jiskepûster* beslút om mei de prins te dûnsjen.

Karakterûntjouwing

Jiskepûster is typysk plot-driven en net character-driven: it tema wurdt útdjippe mei kontrastrearjende karakters, goed tsjinoer kwea. Untjouwing is der net, de karakters binne stereotyp en plat, lykas de kweade styfmem. Dat is prima en ek it oantal karakters is perfekt foar it ferhaal.

Mar mei al har goedheid en leafheid is *Jiskepûster* dochs net hielendal oertsjûgjend. Har motivaasjes binne net dúdlik: woe hja net inkeld mar út te dûnsjen ynstee fan trouwen? Wêrom,

as wy har al kennen leard ha as lang net ûnnoazel, trout hja mei in prins dy't pik op 'e flier smart sadat hja, as hja nei hûs rinne wol, fêst komt te sitten? Wêrom grypt hja net yn as har downen har styfsusters te groulik straffe foar it mishanneljen fan Jiskepûster?

Ek Jiskepûster har heit lit in karakterbrek sjen, as er, wylst er Jiskepûster altyd as sines seach, ynienen ûntkent dat er noch in tredde dochter (Jiskepûster) hat. As lêste hannelje de twa styfsusters, de antagonist, as ien persoan, sadat twa aparte karakters net hoege, of se moatte beide wat eigens krije. Ut de karakterisearing is noch net de folle krêft helle.

Dialooch

De dialooch is wat houterich en wat ûneigen, elk praat gelikens. Dat is klassyk mearke-eftich en past by it sjenre, mar mei it lêst dreech. Ek kin eftergrûnynformaasje better net jûn wurde yn dialooch en hielendal net as it foar de lêzer oerstallige ynformaasje is (al is it dat foar de karakters mooglik net). Dêrneist docht it wat apart oan dat har eigen heit Jiskepûster by har leechachtsjende bynamme Jiskepûster neamt (hat wiere namme komt de lêzer net te witten) (side 2-3).

Oarspronklike ferzje

“En do, Jiskepûster,” sei er, “wat wolsto?”

“Heit, brek foar my de earste tûke ôf dy't tsjin dyn hoed strykt op dyn paad werom nei hûs ta.”

...

“Kjim ús hier foar ús. Poets ús skuon en meitsje ús gaspen fêst. Wy geane nei it feest yn it kastiel fan 'e kening.”

Redigearre ferzje

“En do, famke, wat wolsto ha?”

“Ik wol in tûke.”

“Wat? Wát wolst?”

“In tûke, heit. De earste dyst sjochst ast wer werom nei hûs riidst, dy moast foar my ôfbrekke.”

...

“Kjim myn hier. Dêrnei moast harres kjimme. Dan ús skuon poetse en ús helpe dy ticht te gaspjen. Avenseare. Oars komme wy noch te let op it kastiel.”

Alle dialooch sûnder skrapkes moat skrapkes krije, dat kin yn de redaksje op sinsnivo oanpakt wurde.

Taalgebrûk en sinsbou

De sljochte styl fan *Jiskepûster* past perfekt by de kategory fan 'e lineêre mearke-narrative. Mar ienfâld fan taal en klam op bekende metafoaryske of magyske eleminten, lykas de wite do en de winskbeam, meie net útrinne op stoeve taal. ‘Doe't de jûn kaam woe se fuortgean, en de prins, dy't sjen woe yn hokker hûs se gie, folge har.’ (side 3) kin mei wat mear útwurke taal de betsjutting better oerdrage: ‘Om't it tjuster waard woe se nei hûs. De prins woe witte wêr't se wenne. Hy rûn har efternei.’

Ferhaalline

De ferhaalline is wat keal, mar is prachtich lykwichtich. Neffens de 8-puntestruktuer is de stasis hiel helder, krêftich en set treffend de atmosfeer. Nammentlik op it deadsbêd fan har mem seit Jiskepûster ta om altyd from en goed te bliuwen. En dat docht hja ek. Hja mist har mem, mar kleit net en makket der it bêste fan.

De trigger is realistysk genôch. In jier nei de dea fan syn frou trout Jiskepûster har heit mei in frou dy't twa dochters hat. Beide hawwe in kreas uterik, mar in kwea hert. De dochters beslute Jiskepûster nei de keuken te ferbaljen as tsjinstfaam. Har klean en sels har bêd nimme se har ôf. Har styfmem grypt net yn, har heit likemin. Jiskepûster skikt har duldich yn har lot.

As har heit nei de merk giet en foar alle dochters in kado meinimme wol, freget Jiskepûster om in tûke. Dy plantet se op it grêf fan har mem en der groeit in beam út. Op in dei binne der wite downen yn 'e beam en der bart wat wûnderliks. Alle kearen dat Jiskepûster wat winsket—al binne har winsken noch beskieden—komme de downen dermei oansetten.

It ferrassingsplotpunt is like kompleet en efektyf, mei alle needsaaklike eleminten dúdlik neamd. De kening sil in feest jaan. Alle moaie famkes binne útnoege, sadat syn soan in frou foar himsels útsykje kin. Jiskepûster wol graach mei har susters mei te dûnsjen op it feest. Earst seit har styfmem dat dat ûnmooglik is. Dan jout se as betingst om mei twaris in drege opdracht.

De downen komme te helpen. Beide kearen krijt Jiskepûster it opdroegen wurk samar klear. Dat wie net de bedoeling fan har styfmem, dat dy sei no planút nee. Dêrop beslút Jiskepûster stikem nei it feest te gean. Se freget de downen har te helpen.

Trije jûnen giet Jiskepûster te dûnsjen, alle trije kearen is de prins fan har it meast sjarmearre. Mar as er Jiskepûster nei it dûnsjen hûs ta bringe wol, flechtet dy hieltyd fuort. De tredde kear krijt de prins wol Jiskepûsters dûnsskuontsje yn hannen. Hy kûndiget oan dat wa't de skoech past syn wiif wurde sil. Alle famkes moatte passe.

De skoech is te lyts foar de styfsusters. Styfmem fertelt de earste om dan mar har grutte tean of te snijen. De skoech past, mar de downen warskôgje de prins dat der bloed út de skoech rint dus dat er him fersint. De twadde moat in stik fan har hak ôfsnije. Opnij wize de downen op it bloed en de mislieding. Op it lêst blykt Jiskepûster de skoech te passen.

Jiskepûster trout mei de prins. De lêzer sil nei it ein fan it ferhaal net mei in ûnbefredige gefoel fan net-rjochtset ûnrjocht sitten bliuwe: op 'e brulloft pikke de downen de eagen fan de beide styfsusters út.

Redaksjonele kwestjes

It kommentaar hjirûnder rjochtet him op wat jo as skriuwer dwaan kinne om it manuskript fierder te ferfynjen, foar't jo it ynstjoere foar in formele yngeande redaksje. Der binne in pear wichtige aspekten om *Jiskepûster* te ferbetterjen:

- Ta libben bringe fan de karakters
- Mear aksje en plot-twists en mear ferskaat fan ekstern konflikt yn it ferhaal bringe
- Setting orizjinelere en autentiker meitsje

Ta libben bringe fan de karakters

De sunichheid mei karakters is in hiel sterk punt: wat minder lju op it toaniel, wat ynkringender oft it drama him iepenteart. Mar de karakters kinne wat libbener en ek libbensechter; sa útfargerutte oft se ek binne (om de moraal oer te dragen), se moatte libje kinne, earne op in plakje fan 'e wrâld.

Wat de libbenens oanbelanget. Karakters beskriuwe mei uterlik is net altyd effektyf, dat driuwt de plot net fierder want uterlik lit ús net witte wêr't se nachts oer dreame en oft se dus de oare moarns wraak nimme sille. Karakters binne better te beskriuwen mei har motivaasje. Dêrneist wol de lêzer fan it karakter witte hoe't er him hâldt yn beskate omstannichheden. Dat lêste kin allinne mar troch de karakters sjen te litten yn aksje, sa't dat effektyf dien is as Jiskepûster de linsen út de jiske sykje moat. Dat lit sjen dat hja as it slim komt de help fan har freonen ynropt: hja is net de loner hero type. Just de mearkekatgoary jout ek plak foar de skaadkant fan de persoanlikheid. As de karakters op dy manier better útwurke binne sil de lêzer mei mear spanning op it bluodrige drama yn de slotsêne antysipearje kinne, ommers de tjsutere kant fan Jiskepûster is him bekend. Dat ferheget it drama.

Mear aksje en plot-twists en mear ferskaat fan ekstern konflikt yn it ferhaal bringe

Motivaasje, dy't de kearn is fan de karakters, set himsels oer yn aksje en aksje liedt ta re-aksje. Aksje ferheget de dramatyk en dynamyk. De dynamyk yn *Jiskepûster*, fan goed foar ferkeard oer is sterk genôch om de universele wierheid—fan de krêft fan goedheid, mar ek fan de korrupsje fan macht—oer te bringen, mar oersimplifisearring driget. Oars sein, moraal kinne jo it bêste bekrêftigje troch dy sjen te litten yn aksje.

Fierder is it fan belang om foarsisberens út de wei te gean. Bygelyks, as Jiskepûster ienris alles winskje kin, wit de lêzer dat se winne sil en der is gjin needsaak om de siden fluch om te slaan om te sjen hoe't it fierder giet. De foar de hân lizzende plot-twist is dat in eksterne faktor makket dat de downen it ôflitte witte. No ferliest Jiskepûster alle lêste hope. Hjir, yn har djipste delte, lit se har skaadkant sjen en hjir set de climax yn. Hokker bittere aksje sil hja ûndernimme?

Setting orizjinaler en autentiker meitsje

De setting fan fier fuort en lang lyn hat in dúdlik doel: it fersekeret de jonge lêzer derfan dat de groulikheden fan it ferhaal, al krigen dy har beslach yn syn eigen wrâld, himsels net oer komme kinne. Hoe't de setting der krekt útsjocht docht der net ta, as dy mar oars as it hjir en no is. De standertsetting fan fantasy(monarchy) yn de midsieuwen hat boppedat it foardiel dat wy fertroud binne mei de magy en de oare konvinsjes, lykas as it skerpe ûnderskied tusken de goeden en ferkearden. De oanpak fan de setting is dus yn prinsipe sterk. Mar it neidiel fan de standertsetting is dat dy autentisiteit mist: it is saai en net eigen.

Troch temin orizjinaliteit ûntbrekke fierder de ûnferwachte gelegenheden om yn aksje te kommen sadat de karakters har alsidiger sjen litte kinne as inkeld stridend tsjin, alwer, de draak/styfmem. Boppedat bringt de standertfantasysetting mei him mei dat dy by definysje beheind is en de gefolgen fan it barren binnen de besletten romte fan dy lytse fiksjonele wrâld bliuwe. Jiskepûster hat har man, de susters binne blyn; mar de skaal fan de gefolgen meie bêst grutter.

Redaksjonele oanrekommandaasjes

Jacob en Wilhelm, jimme hawwe mei wissens raak sketten mei de opset fan dit simpele, krasse drama. Wy wolle derop oantrune dat jimme it ferhaal yn al syn fasetten útwurkje. It is dêrby it bêste om earst de grutte issues oan te pakken, dus de karakters libbener en libbensechter te meitsjen, mear spannende aksje yn it ferhaal te bringen en de setting orizjineler te meitsjen. As dat oanpakt is, wolle wy freegje om it opnij yn te stjoeren foar in ynhâldsredaksje.

Mooglikheden foar dit wurk

Behalven it as fantasy novel út te bringen sjogge wy foar dit sjenre ek mooglikheden foar oersetten nei in senario foar in animaasjeproduksje. Mar earst: skriuwe.

Slotopmerkingen

Jiskepûster befettet alle eleminten om der in boeiend ferhaal fan te meitsjen. Op dit stuit stiet der feitlik noch net folle mear as in ferhaalramt, mar wol in ramt dêr't wy in protte fan ferwachtsje meie. It komt no oan op it ynfoljen en om't ferbyldingskrêft in sterk punt is, doare wy te rekkenjen, as jo deryn ynvestearje wolle, op in sterk, sels ûnferjitlik boek!

Mei freonlike groetnis,

Redakteur, Grotesk